



Dit is de dei...

Sara en Simon folgje Jezus

troch Foekje-Fleur Fink

Sara en Simon belibje – mei harren grutte broer Daniël, heit en mem, pake en oare famylje – de ferhalen fan ‘Dit is de dei...’. De hiele famylje is doopt yn de Jordaen en begjint ‘in nij libben’. Dat makket dat se Jezus folgje op syn reizen troch Palestina en op de besiten dy’t Er ôfleit. Soms binne Sara en Simon derby as Jezus in ferhaal fertelt en minsken better makket. Of se hearre fan heit, harren grutte broer Daniël en oaren oer Jezus.

Sara en Simon binne op deselde dei berne, in twilling dus. Sara is de âldste en tige nijsgjirrich. Simon is de jongste, mar wol de grutste. Sara fynt Simon eins mar in wiisprater, want dy hat op alle fragen wol in antwurd. Simon fielt himsels, as Daniël net thús is, de grutte broer en neamt Sara ‘myn suske’. Dat makket Sara poer. “Mar ik bin lekker de âldste fan ús beiden!”, ropt se dan.

In Samaritaan helpt

Lukas 10, 25-37

“Ik moat jim wat fertelle”, sei heit en hy gong op in grutte stien sitten.

Sara en Simon seagen heit oan. Soe der wat wêze? Gelokkich, heit glimke en sei:

“Wy krije nije buorlju!”

“Hoi!” rôp Simon. Ik hoopje dat se in jonge ha dy’t like âld is as ik.”

“En ek as ik bin”, rôp Sara.

“Dat wit ik net hear”, sei heit, “ik wit allinne dat se út in frjemd lân komme.”

“Dan binne it frjemdingen”, sei Simon der rap oerhinne.

Heit wachte efkes. Want hy moast djip nijtinke... “Jezus fertelde koartlyn in ferhaal oer in frjemdling. Harkje mar, dan sil ik it jim ek fertelle...”

Der kaam ris in gelearde man by Jezus te stean. Hy hie in slimme fraach betocht en sei: “Yn de Bibel stiet dat we fan God hâlde moatte *en* fan ús neiste. Mar wa is myn neiste?”

Jezus sei: “Ik sil in ferhaal fertelle, mooglik witte jo aanst sels it antwurd wol.”

“Der wie in man dy’t allinne op reis gie. Hy fielde him iensum. It wie dan ek in lange en gefaarlike wei dêr’t er lâns moast fan Jeruzalem nei Jericho.

Ynienen hearde er fuotstappen.... Der kamen rôvers út de boskjes wei setten. Se foelen de man fan efteren oan en joegen him in hurde klap op 'e holle. De man koe allinne neat begjinne.

Se graaiden nei syn beurs mei jild en goaiden him oer 'e grûn. Alles om de man hinne waard tsjuster. Hy bleau stil lizzen.

De rôvers naaiden gau út.

Gelokkich, dêr kaam in pryster oan. Ien fan syn eigen minsken. Dy sil dizze earme man grif wol helpe, want prysters leare minsken út Gods Wurd.

Of...? Nee! Dy pryster rûn mei in grutte bôge om de man hinne. Soe er de man net sjoen ha?

Wacht... Dêr kaam ek noch in levyt oan. Leviten moasten prysters helpe yn it Hûs fan God. Je koene se dêr gauris sjongen hearre.

Soe hy helpe?

De levyt skrok doe't er de man lizzen seach. Hy die krekt lykas de pryster en rûn troch.

Allebeide lieten se de ferwûne man lizze. En hy hie safolle pine! Seagen se dat dan net?

Fansels wol, mar de pryster en de levyt tochten beide dat se har net mei deade en fize minsken bemuoie mochten. Se moasten oan it wurk yn 'e timpel.

Wa kaam dêr oan? Och, in bûtenlanner, in Samaritaan noch wol. Dy sil dy ferwûne man grif net helpe! Joaden en Samaritanen hiene in hekel oaninoar. Se mochten net iens mei-inoar prate.

Wat no? De Samaritaan stapte fan syn ezel ôf en rûn nei de man ta.

"Och, wat is der mei dy?" flústere er. Hy fielde bot mei de man mei: "Earme stakker, ik sil dy helpe. Wachtsje mar."

Hy makke de seare plakken skjin... En die der sachte oalje op.

"Do silst wol toarst ha. Kom, ik sil dy wat drinken jaan." Foarsichtich tilde er de holle fan de man in bytsje omheech. Sa koe er better drinke. De man koe net prate, mar mei syn eagen wol. Want dy stiene tankber.

Doe sette de Samaritaan him op syn ezel. Sa reizgen se tegearre fierder.

By in herberch dêr't ek oare reizgers slepten, stapten se ôf. Dêr koe de man fierder fersoarge wurde.

De Samaritaan sei tsjin de baas fan de herberch: "Sjoch, hjir is wat jild. Jo moatte goed op de man passe. Jou him genôch te iten, want ik hoopje dat er gau wer better wurdt."

Opnij seach Jezus nei dy gelearde man en frege: "Wa fan de trije wie de neiste foar dizze ferwûne man?"

De gelearde man doarde Jezus hast net oan te sjen. "Dy bûtenlanner wie de neiste", sei de man sacht. Hy skamme him och sa.

Jezus hoegde allinne mar in ferhaal te fertellen om antwurd te jaan op syn fraach. Dêr koe er, as wie er dan ek noch sa geleard, net tsjin op.

Jezus sei tsjin de gelearde man: "Doch krekt sa!"

Mem wie ûnder it fertellen tusken Sara en Simon yn sitten gien. Se sei: "Sil ik ús nije buorlje freegje oft se by ús ite wolle?"

Simon knikte en sei: "Ik freegje oft ik harren helpe kin mei it ferhúzjen."

"En dan freegje ik oft ik wetter foar harren helje kin", rôp Sara.

Heit kaam oerein en sei: "Sa is de Samaritaan yn it ferhaal fan Jezus ek in foarbyld foar ús!"